

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân op 30 novimber 2024 presentaasje Genealogysk jierboek 2024

Foarsitter Gosse van der Plaats iepent de gearkomst en hjit elkenien wolkom.
De direkteur fan de Fryske Akademy Nelleke Eisenacher- van der Pluijm is behindere.
Gosse draacht de lieding fan de gearkomste oer oan de haadredakteur fan it Jierboek: Ype Brouwers.

Krekt as ferline jier befettet it Jierboek
no ek wer 3 mânske artikels.

It earste artikel giet oer Wybrand de
Geest en de neiteam fan syn heit Simon
Juckes de Geest.

Nei oanlieding fan in tentoanstelling
takom jier yn it Fries Museum kaam de
fraach by it Genealogysk Wurkferbân,
om ien en oar oer de famylje fan
Wybrand de Geest út te sykjen.
Foarsitter Gosse van der Plaats is hjir
mei oan de slach gien en Mieke Breij
fan Utert hat de neiteam fan de âldere
broer Giles dy't nei Utert gien is útsocht.



Gosse van der Plaats en Mieke Breij stippe in pear punten út it ûndersyk oan.

Wybrant de Geest wie in wichtich portretskilder yn Fryslan yn de Gouden Iuw. Hy skildere de
hegerein sa as de steedhâlderlike famylje, hege militêren en adel. Syn oplieding hat er hân by
Abraham Bloemaert yn Utert en hy makke ek in reis nei Frankryk en Itaalje. Hy bliuw syn hiele
libben Rooms. Yn 1922 toude er mei Hendrickien Ulenburch, in efternicht fan Saskia van
Ulenburch de earste frou fan Rembrandt.

Miek Breij har mem wie in de Geest en stamt ôf fan in Hendrik de Geest.

Gelis Symons van "Leuwardten glaesschrifer", wurdt yn 1605 boarger fan Utert. Yn 1844 wurdt
dizze ynskriuwing ferkeard transkribearre as Gelis Symonsz de Geest van Deventer.

Hendrick de Geest, de soan fan Symon giet yn 1688 nei Sutfen yn de Achterhoeke. Dêr wenne
in omke fan him.

Simon Juckes de Geest is de stamheit fan dizze famylje. Der binne 3 bern: His, Gelis en
Wybrand. Fan de genealogy binne 7 generaasjes útwurke. Fan Wybrant binne der gjin
neikommelingen mei de namme de Geest mear, fan Gelis safolste mear. Foaral yn Utert en de
rest fan Nederlân.

Konklúzjes: de stjerdata binne skerper stelt mar net eksakt. It byld fan de bern is dúdliker
wurden. Wybrant bliuwt syn hiele libben Rooms wylst syn boer en suster Griffermeard binne.
Eardere foarâlden binne net fûn. Der is gjin bewiis foar in Antwerpse konneksje. Syn heit is
jong stoarn, dus Wybrant hat gjin les fan syn heit hân.

Takomme jier is de tentoanstelling en wilens giet it ûndersyk troch.

It twadde artikel giet oer Vomelius fan Wommels en is skreaun troch Jelle Miedema dy't sels oarspronklik ek fan Wommels komt.

De stamheit fan dizze famylje is Hoytha Hayes, boer yn 1511 op Fyns ûnder Wommels. Sipke (Cyprian) Vomelius Stapert wie in ferneamd jurist út dizze famylje.

It tredde artikel is skreaun troch Douwe de Vries en Jelle de Jong en giet oer de famylje van der Burch, in famylje út de Súdwesthoeke.

Wat de ûndersikers opfoel is dat de nammen yn de Súdwesthoeke wat oars binne as yn de rest fan Fryslân, en der is in protte kertierferlies.

De stamheit Jacob Jacobs van der Burgh wie foar de twadde kear troud mei Olfertje Olferts en hja lizze begroeven yn de Martinitsjerke fan Boalsert.

Olfertje wie eardertrouwd mei Wigle Hania en mei Skelte Hessels. De neikommelingen út dit twadde houlik ha de namme Schultetus. Jacob Jacobs van der Burgh wie har tredde man.

Rie foar de heraldyk

Jelle Terluin nimt lykas hast alle jierren de bydrage fan de Fryske rie foar heraldyk foar syn rekken.

Famyljewapens binne der fan de famylje Bosma, in boerefamylje fan Mildaam; Bruinsma timmerlju út Ljouwert; Jongsma fan Doezum; de Drinste skippersfamylje Muskee; Nauta; van der Tol út Barradiel; Zijlstra, in boerefamylje fan Roptasyl yn Barradiel.

Fierder binne der de persoanlike wapens van André Looijenga, heraut Sudergoa en D.J Muntendam heraut Sânwâlden.

As lêste de registraasje fan in tal doarpswapens, -flaggen en -wimpels.

Yn it wapen fan Burdaard is de le mei in skip opnommen en in skieppekop, dit fanwegen de bynamme fan de Buraarders.

Ginnum; it swurd stiet foar de slach by Ginnum. Fierder eleminten út e wapens Aylva en Roorda, twa famyljes mei ynfloed yn Ginnum.

It lyse doarpke Jannum is foaral bekend om it âlde tsjerkje. It is dan ek yn it wapen werom te finen.

Jislum, ek in lyts boeredoarp mei in tsjerke. It doarpswapen is der oanbrocht by de plaknammebuorden.

Lichtaard in boeredoarpke. De sinne yn it wapen stiet foar it ljocht yn de namme fan it doarp. Marrum-Westernijtsjerk: de Marrumer kat en de roek fan Westernijtsjerk binne yn it wapen opnommen.

Reitsum: Yn dit doarpswapen de Roas fan de famylje Stania en 2 seinen.

Menaam: De ienhoarn út it wapen fan de opheven gemeente Menameradiel leit yn de boppeste helte fan in wapen van dit doarp.

Neidat it jierboek besprutsen is jout Ype de lieding wer oan Gosse.

Gosse tanket elkenien en neamt even dat takomme jier it 75^e jierboek útkomt.

14 desimber is der in lêzing van de NGV troch Sybrand van Haarsma Buma en nei nijjier op 4 jannewaris is der wer in gearkomste fan it wurkferbân.

Hjirnei wisket de foarsitter elkenien in wol thús en in goed wykein.

Ferslach: Rinse Spits